

Noflike leafdesromânse

70 2/8 2001
Sikke Doele hat wat mei de fyftiger en sechtiger jierren. Syn proazadebút, de ferhalebondel *De Gouden Teeman* (1999), spilet yn dy jierren en ek yn syn nijste bondel *De Messeslikker* is in waadeilân út de sechtiger jierren it dekkô foar syn ferhaal.

GERBRICH VAN DER MEER

Dat ferhaal giet oer Wierd, dy't as fakânsjewurk in baantsje op it eilân hat as iiskoman. Wierd hat noch mar krekt de slach fan it iisko mietsjen te pakken of hy rint Claudia tsjin it liif yn kafee De Gaper. De românse tusken Wierd en Claudia komt op losse skroeven te stean as Claudia der in skoftke tuskenút west hat yn Amsterdam. In hjoedeisk ferhaal, soene je sizze en dat is it ek, hie it dekkô fan dizze tiid west. Mar yn *De Messeslikker* hâlde kampwachten, kontroleurs en plysjes de jongerein op it saneamde 'sedeleaze eilân' yn de gaten op sede-eksessen. By elkoar yn 'e tinte krûpe is not done, in bekeuring hawwe jo sa oan de broek. Wierd en Claudia kinne by Sorgdrager op 'e camping lykwols har gong mar gean.

Doele hat dúdlik each foar detail en ferrassende ferbinings. Dat uteret him bygelyks yn de passazje dat Wierd syn ferealens befêstige sjocht troch Claudia. Op dat stuit klinkt 'tafallich' it liet *Da doo run* fan de Crystals op de eftergrûn mei de begjinrigel 'I met him on a Monday and my heart stood still'. De puberleafde yn nutedop neffens in soms wat âldmannige Wierd. As Wierd oan de ein fan it boek in blautsje rûn hat, begeliedt *Blue Monday* fan Fats Domino de sêne op subtile wize.

In humoristyske bysûnderheid is it boek *De onderaardsen* dat Wierd oan it lêzen is. De ynhâld helleet him troch syn eigen seksuele erfaring mei Claudia sadanich yn dat Wierd it boek yn de rest fan de roman alhiel net mear lizzen sjocht.

De Messeslikker bliuwt in yntrigearjende titel. En alhoewol't dy

namme wol in betsjutting kriget as Wierd fertelt fan de iiskoman út syn jeugd dy't de messeslikker neamd waard om't er nei it iis snijen syn mes altyd ôfslikke, is der dochs mear oan 'e hân mei dat stik ridskip. It mes dat Wierd sels by him draacht, is alhiel net nei it sin fan Claudia. Hja is der eins mar bang foar.

As Wierd Claudia in brieve-iepener jout, falt dat ek net yn goede ierde. It mes spilet yn dizze roman in skynber marginale rol, mar op wichtige mominten komt er dochs altyd foar it ljocht. Dat Claudia op it moment suprême Wierd freget om har te sliken (side 47) liket my ek net tafallich. „Ho, ho, hime se, net sa hastich. Ik bin der ek noch. Earst sliken, iiskoman.”

Puber

Claudia bliuwt yn tsjinstelling ta Wierd in dizenich persoan. In echte puber? De lêzer wurdt yn alle gefallen net goed gewaar, wêr't se stiet. Miskien wit se dat sels ek net. Har thússitewaasje is sa ûnstabyl dat se it hûs ûntflechte is nei it eilân ta. De tillefoantsjes dy't se fan har

heit kriget meitsje har ek net wissert. Dêrneist is de twivel oer en wer ek in oanslach op harren românse. Dat Claudia har eftergrûn net swak by spilet yn de ûntjouwing fan de românse is wol dúdlik, mar oer it hoe en wat lit de skriuwer him net út.

Oan de soarchfâldich útwurke en ynfielbere sênes fan de skriuwer komt abrupt in ein yn de lêste sêne as Hotse en Hille him letterlik foar de fuotten rinne. Dat giet te fluch en dêrmei helleet er it fierders moai fertelde ferhaal út balâns. Ek syn each foar detail en ferbinings wurket him tsjin oan de ein fan de roman.

De fakânsje passearret dan yn fiif siden nochris de revu, mar dan belibbe troch in folgjende generaasje. Op dat stuit wol Sikke Doele it te moai hawwe, alles falt te kreas op syn plak. Mar ôfsjoen fan dat lêste bliuwt *De Messeslikker* wol in hiel noflik boek om te lêzen; poer-geskikt om op in eilân foar de tinte yn fuort te dreamen.

De messeslikker, Sikke Doele. Utjouwerij Friese Pers Boekerij, Ljouwert. 2001. 30 gûne.